

Sander Osinga en Wim Veldman folgje it fak Management & Organisatie. By dit fak wurdt ûnder mear de ferbining mei it bedriuwslibben yn 'e praktyk lein. It ôfrûne skoaljier ha sy, lykas alle oare learlingen, in finansjeel rapport opsteld. Dit moast feitlik by in bank ferdigene wurde om in kredyt foar in bedriuwswidening te krijen.

Yn it eksamenjier kaam der foar harren in spesjale opdracht. Krekt as yn 5VWO mei help fan eksterne partner Hein-Willem Leeraar, finansjeel konsultant aktyf yn benammen de agraryske sektor. Sander en Wim ha foar it Ierske bedriuw Maggrow de Nederlânske merk fan gewaaks beskermingsapparatuer ferkend en yn in solide rapport fêstlein. Harren PWS is foar Maggrow fan grut belang. Harren ynnovative wize fan gewaaksbeskerming (de technyske kant) kin hjir suksesfol ynfierd wurde as der ek ynsicht is yn 'de merk'.

Op útnoeging fan de INBA (Irish Netherlands Business Association) binne Wim en Sander op tongersdei 19 maart nei Amsterdam west. Tegearre mei Hein-Willem Leeraar en harren dosint M&O Folkert Groenveld besochten sy in bysûndere jûn yn Hotel The Grand, in prachtige lokaasje yn it hert fan 'e stêd. It diner waard opstjonne yn de âlde riedsleal, ek noch bekend fan de houliksplechtichheid fan prinses Beatrix en Claus von Amsberg. Oanwêzich wienen û.o. John Neary, de Ierske ambassadeur yn Nederlân, Ann Phelan, de Ierske minister fan plattelânsûntwikkeling, Emy O'Reilly, Ombudsman EU. In jûn om te netwurkjen, om de kontakten tusken it Ierske en Nederlânske bedriuwslibben te ferstevigjen en út te djipjen.

Sander Osinga (links) en Wim Veldman komme yn 'e kunde mei Paul Browne fan Enterprise Ireland, it Ierske oerheidsbedriuw foar de BENELUX. Browne is de ferbining foar it Iersk Nederlânske bedriuwslibben.

Wim en Sander flankearje Eamus O'Leary (twadde fan links) en Hein-Willem Leeraar. O'Leary is fan de Board Bia (Iersk foar iten). Dizze Board behertiget de belangen fan de Ierske eksporteurs yn de foodsektor (fleis, whisky) Foar Wim is dit in nijsgjirrich nij kontakt. Syn passy leit yn de fleissektor mei it famyljebedriuw Veldman. Wim giet ynkoarten tegearre mei Leeraar nei Ierlân om de fleismerk dêr te ferkennen en mooglike handelskontakten te lizzen.

Troch F.Groenveld, dosint M&O en Ekonomy oan Bogerman yn Snits

Sander Osinga en Wim Veldman (6VWO) bezoeken Iers-Nederlandse Handels Associatie te Amsterdam

JOSIENVELTMAN 24 MAART 2015 [0] REACTIES Algemeen nieuws, Vwonieuws



Sander Osinga en Wim Veldman volgen het vak Management & Organisatie. Bij dit vak wordt onder meer de verbinding met het bedrijfsleven in de praktijk gelegd. Vorig schooljaar hebben zij, net als alle andere leerlingen, een financieel rapport opgesteld. Dit moest daadwerkelijk bij een bank worden verdedigd om een krediet voor een bedrijfsuitbreiding te verkrijgen.

In het examenjaar kwam er voor hen een speciale opdracht. Net als in 5VWO met behulp van externe partner Hein-Willem Leeraar, financieel consultant actief in met name de agrarische sector. Sander en Wim hebben voor het Ierse bedrijf Maggrow de Nederlandse markt van gewasbeschermings-apparatuur verkend en in een gedegen rapport vastgelegd. Hun PWS is voor Maggrow van groot belang. Hun innovatieve wijze van gewasbescherming (de 'technische kant') kan hier succesvol worden ingevoerd als er ook inzicht is in 'de markt'.